



OARS IS OARS

Blijspul yn trije bedriuwen

troch

ALBERT VAN DER WAL

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.
(Grimas Theatergrime verkoop)
Tel: 072 - 5 11 24 07
E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl
Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **OARS IS OARS** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **ALBERT VAN DER WAL** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: © 2017 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **10** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

PERSOANEN:

Beitske - Hat alle betrouwen yn har nije Bêd en Brôchje. Wol it tige yn oarder hawwe, en dat moat sa bliuwe. In gast is in gast, mar kreas en fatsoenlik bliuwe, dat stiet by har foarop.

Berend - Har man, hy is wat oan de maklike kant, net te bot earne oer yn sitte, it komt dochs oars, en it measte komt wol wer klear. Hy stiet klear foar Beitske, mar hy ferwachtet net folle fan it Bêd en Brôchje.

Cobie - Buorfrou. Net in sterk figuer. Wat senuweftich, gau fan slach. Wat nayf. In sêfte frou.

Graafsma - De eamel buorman. Hy falt oer alles. In man dy't de measten fan ús leaver net as buorman om de doar hawwe.

Meester - Hy neamt him sels skilder, syn wurden: hy is keunstner. In man fan wurden, tige glêd, beminst, Hy is allinne dwaande mei himsels en syn belangen

Metsje - In dúdlik slachtoffer fan Meester. Liik en rekke dêr troch. Hja sit him nei.

Jikke - Ek sij spilet har rol as slachtoffer, allinne is dat wol de wierheid?

Germ Brouwer - Soarchsum man, op dat mêd is hy by it oerdreaune ôf. Te folle is net goed, te min ek net. Hy heart wat syn frou seit, mar begrypt har net.

Gepke Brouwer - De frou fan Germ. Sij hat it al in skoft har nocht fan dat soarchsume gedoch fan Germ.

Mienstra - (plysje frou of man) Amtner yn funksje, ôfstanlik, krekt en dúdlik.

DECOR:

De grutte keamer yn it bêd en brochje. Meubels, in kompjûter, de telefoan, in raam. As't heal kin trije op en ôfgong plakken.

ADFYS MUZYK:

Always look at the bright side of live - Monthy python.

U dient bij uw zaaleigenaar te informeren of de muziecrechten in een totaalcontract worden voldaan. Is dit niet het geval dan dient U contact op te nemen met: BUMA/STEMRA

EERSTE BEDRIUW

GERDYN

(de húskeamer yn fan Beitske en Berend. In telefyzje, in kompjûter. Beitske sit efter de kompjûter)

1^e toaniel

BEITSKE: Moai sa, de ôfspraken lizze fêst. Beitske fanke do hast klear. *(Berend op)*

BEREND: Ik haw it boerd te plak Beitske.

BEITSKE: Gjinn swierrichheden Berend?

BEREND: Och dy eamel fan in seur, dy Graafsma kaam wer nei my ta op hege poaten. “Feitsma, jo gasten sette har auto dochs wol by jo op it hiem? It is net de bedoeling dat se dy by my foar de doar delsette. Tinke jo dêr om?”

BEITSKE: Wat wol dy man no, wy hawwe dochs alles goed ôfsprutsen en regele.

BEREND: Dy fint is in eamel. Ik haw sein “Graafsma sit dêr mar net oer yn, dy lju parkearje by jo net foar de doar, as’t heal kin dan dogge se dat der efter.” Mar goed Beitske ik haw dien wat moast, “Simmersicht, Bêd en Brochje, kin elkenien no dúdlik fine. Mear kin ik der net oan dwaan.

BEITSKE: Moai sa. *(finster)* Berend jonge, ik bin bliid. Us bêd en brochje is foar minsken sûnder mear it ideale plak foar inkelde dagen wat oars. Wy kinne de gasten wolkom hjitte.

BEREND: Ja ja, dat is wier. *(Telefoan giet.)*

BEITSKE: *(telefoan)* Feitsma.. ah..Harm, alles goed? Moai sa. Wat seisto no? In nuvere fint dy hat de wei frege nei ús? Ja,..wy ferwachtsje al immen fan`e moarn. Dat seist goed, ús earste klant. Frjemd? Dat sil wol wat ta falle ju. Wy sjogge it wol. Tank Harm. *(hoarn del)* Berend jonge ús earste gast is al ûnderweis.

BEREND: : It sil my nij dwaan. Do wiste, ik ferwachtsje der net folle fan. Dit doarp leit net oan de grutte wei. Efkes nei de stêd, dan bist al gau in heal oere ûnderweis. It is hjirre dea rêstich, foar frjemd is hjir neat te belibjen.

BEITSKE: Krekt, dêrom komme de minsken hjirre hinne. Dy rêst om de doar, gjinn drokte, in eigen momint fan wat oars, dat sykje dy minsken. Bêd en Brochje Simmersicht, kin har dat biede. It is krekt sa as de advertinsje yn de krante it elk ferteld, en sa as de folder it sjen lit. Kom op man, net dat benaude, wy rêde ús der mei. Sels no

Harm brêge dizze earste gast in frjemde fint fynt.

BEREND: In frjemde fint? Dy hawwe ik de doar út foar dat hy oan trije telle kin.

BEITSKE: Ja ja ja, ferjit do asjebleaf net, in gast is in gast, en gasten sette wy de doar net út. En do kinst Harm brêge ek wol, dy seit wol faker wat. Trouwens hy kin it wol folslein by it ferkearde ein hawwe.

BEREND: Wa wit, wy sille sjen hoe't it komt.

BEITSKE: Moai sa. Oftsto no bûten dy man opheinst. Dan eachje ik keamer fjouwer noch in kear oer. Dat kin noch wol efkes. Kom op, net langer omhingje, wy sette útein.

BEREND: Goed do dyn sin, ik sil it dwaan. (*Berend ôf-Beitske ôf. Telefoan – Beitske wer op*)

BEITSKE: Ja ja ik kom al, kalm oan (*telefoan*) Feitsma... hallo? Nee de gasten dy binne der noch net Graafsma. Jawis, wy hâlde it sûnder mear yn 'e gaten, dat is dochs ôfpraat?. Dan dogge wy dat Graafsma, it bêste mei jo. (*telefoan del*) Ald seur, foar dit eameljen fan dy hawwe ik nocht noch tiid. (*rap ôf*)

2^e toaniel

(Jan Meester op- hy hat allinne in tas ûnder de earm. Efter him Berend: de hannen fol mei skilders guod, in skildersezel, doeken, til wurk)

MEESTER: Man man man, asjebleaf wês foarsichtich. Dat is allegearre tige djoer skilders guod. (*ark*)

BEREND: Dat sil wol. Wy neame soks ien grutte binde. (*nei de seal*) Mynhear, ik set jo djoere guod earst al efkes del. It wurd my wat te swier.

MEESTER: Ja ja ja, as jo der mar om tinke. Jo moatte begripe dat foar in keunstner as ik bin, goed ark it heale wurk is. Soks freget omtinken en soarch.

BEREND: Oh ja, der om tinke, en der soarch oan jaan. (*nei seal*) Foar my is it en bliuwt it in binde.

MEESTER: Mynhear kin ik..

BEREND: De namme is Berend hear, dat mynhear gedoch past my net.

MEESTER: Oh graach. Sizzje jo dan Meester, gewoan Meester. (*Beitske op*)

BEITSKE: Ah, ús gast is der al, moai sa.

MEESTER: (*hân*) Meester is de namme, Jacobus Hendrikus Karel. De measten neame me Meester. Jo binne frou moai sa?

BEITSKE: Nee nee, ik bin frou Feitsma, gewoan Beitske hear. Tige wolkom mynhear. Ik haw de hope dat jo ferbliuw hjirre by ús nei't sin wêze sil.

MEESTER: My tinkt, dat sil bêst slagje frou. Och ja.. Beitske wie it. Lit ik der dit fan sizze, alles sjocht der tige goed út. In rêstich plak, noch net sa bekend by in soad minsken, in prachtich stee yn in moai doarpke. Foar in keunstner as myn persoan it ideale plak. Wat ik freegje woe, is dizze kompjûter ek beskikber foar gasten?

BEITSKE: Ja wis mynhear. Yn bêd en brochje Simmersicht, heart it ynternet, en ek de kompjûter by de service. Krekt as it gebrûk fan de telefoan. Wy binne folslein by de tiid. Wolle jo der gebrûk fan meitsje? skriuw it efkes op dizze list, en klear. Graach ek jo namme. *(list)* Tige tank.

MEESTER: Alle begryp beste frou, alle begryp. Mei ik freegje, kin jo personiel.. *(Berend)*

BEITSKE: Nee nee nee, Berend is gjin personiel, Berend is myn man. Hy helpt graach de gasten mynhear.

BEREND: Dat doch ik al..mar..

BEITSKE: Ophâlde do, dizze man is gast. Help dy man no mei syn bagaazje.

3^e toaniel

(by de doar buorfrou Cobie op- se hat twa tassen by har)

COBIE: Oe hoe..folk yn? goeie. Ik wol my nearne mei yn litte hear, mar ik seach bûtendoar dizze twa tassen stean neist in auto. Ik kin it mis hawwe, mar ik tink dat dizze tassen by jo gast hearre. Is't net sa buorfrou?

BEITSKE: Ja dy tassen binne fêst fan mynhear Meester, ús gast.

MEESTER: Jo hawwe it al hiel by't rjochte ein, frou. En jo mefrou *(hân-Cobie)* De namme is Meester, Jacobus Hendrikus Karel, tige by tige. Wat in dei is it hjoed, twa kreaze froulju, al dat moai's sa tichteby.

COBIE: Ja ik eh..ik bin Cobie, de buorfrou fan Beitske en Berend. Tige nei it sin mynhear. Wolkom yn ús doarp, de streek,...eh..hjiirre by Beitske en Berend

MEESTER: Wachtsje..bliuw stean, efkes ja..sa, nee wol, dat is net wier. Ik wit net wat ik sjoch. It is net te leauwen..

BEREND: Ik leau it wol. Dit is Cobie ús buorfrou, dy `t hjiirre mear oer de flier rint, dan yn har eigen hûs.

BEITSKE: Ophâlde do, lit dy man no.

MEESTER: Wat in byld, wat in ljochtfal, mefrou efkes..efkes. (*hy nimt Cobie by de skouder -wol har te plak sette*)

COBIE: Ho..ho, mynhear, wat sil dit! Wolle jo de hannen thús hâlde!

MEESTER: Nee nee nee, jo begripe it net goed, bêste frou. It ljocht falt sa moai sprieden del op jo gesicht. It ljocht dat nedich is om in goed skilder byld te krijen, sa moai. Wacht..efkes stean bliuwe, jawis dit moat him wurde. Ik skilderje jo!

COBIE: My skilderje, hoe..wat?

BEREND: (*nei de seal*) Dat is al mislearre, foar dat hy ien kwast ferve strutsen hat.

BEITSKE: Berend, hâldt dy no wat yn, dy man is hjirre gast.

MEESTER: Sjoch mefrou..

COBIE: Cobie hear, gjin mefrou.

MEESTER: Dan sis ik Cobie. Leau my foar de gearwurking, is dat ek folle better Sa as wy keunstners dat faaks sizze. Mar sjoch it no oan, it ljocht falt, as wie it goud op jo gesicht. Dêr moatte wy gebrûk fan meitsje.

COBIE: Miene jo dat no?

MEESTER: Sûnder mear beste frou..eh..Cobie. In fersyk fan myn kant, litte wy.. (*telefoan*)

BEITSKE: Frou Feitsma..Ja, in momint. Mynhear jo binne de hear Meester?

MEESTER: Dat is tige korrekt mefrou.

BEITSKE: Telefoan (*jout him de hoarn oer*)

MEESTER: Tanke wol. Ik bin sa frij west om dit telefoan nûmer efter te litten, is dat akkoard? Ik moat as't heal kin berikber bliuwe begripe jo.

BEITSKE: Sa as al sein is, jo kinne as gast gebrûk meitsje fan de telefoan, en ek de kompjûter, dat heart by de service.

MEESTER: Tige tank. (*hoarn*) Meester...ja dat is sa, nee, nee ik kin net frij prate. Set it mar op de WhatsApp. Krekt..doch dat. (*hoarn del*) Myn oprjochte ekskús foar de drokte minsken. Mar goed, is myn keamer ree me..eh..Beitske?

BEITSKE: Jawis jo kinne der hinne. Jo skilders guod (*ark*) bringt Berend graach nei de keamer. Ek dat heart by de service mynhear.

MEESTER: Al fêst tige tank. En jo buor..Cobie, it is fierwei it bêste dat wy net te lang wachtsje mei de opset fan it skilderij. It ljocht dy de sinne bringt is der, en jo ljocht skynt as in stjer yn de romte. Ik tink dat wy sa gau as it kin mar útein sette. Ik lit wer fan my hearre mefr..Cobie.

COBIE: No ja..ja, ja..jo sizze it mar..ik bin der wol.

BEREND: Dat fernuveret my net (*seal*) jimme wol?

MEESTER: Goed goed, beste minsken. Myn keamer?

BEITSKE: Mynhear, ik gean jo foar. (*Beitske ôf – Meester efter har oan - ôf*)

BEREND: No bisto yn de prizen Cobie. Hy sil dy foar de ivich fêstlizze op in doek. Dat hiest nea tocht, en dan oerkomt je soks. Ik ha der niget oan, aanst kin elk alles sjen..

COBIE: Alles sjen Berend? do tinkst dochs net

BEREND: Jawis, dy keunst lju binne allegearre it selde. Se sette it op it doek, mar dan it leafste sa bleat mooglik.

COBIE: Nee, och.. nee..... ikke net, gjin sprake fan..nee, nee..

BEREND: No dat wurd seker ja,ja hear, ik sis it dy Cobie, sa binne dy lju. (*telefoan. Berend hoarn*) Feitsma.. Ja dy is krekt oankaam. Is it driuwend? Kin ik it boadskip oannimme? Hy moat Mientsje skilje, ja, dat sil ik sizze. (*hoarn del*) Dit is net te leauwen Cobie, dat komt as gast, is der in kertier, leit it oan mei de buorfrou, hy stekt gjin hân út, wylts minsken him hjirre al skilje. Harm fan de brêge hat grut gelyk, dizze fint doocht net.

COBIE: No sa ferkeard is hy it net wol?

BEREND: Ik sis it dy Cobie, wy sille it sjen, mar dit doocht net. (*Beitske op*)

BEITSKE: Berend, bringsto dy man syn skilder guod nei keamer fjouwer? Lit dy man wêze wat er is. Ik sis dy sa op it each is it in kreaze man. Fatsoenlik, hiel foarkommend. Foar ús in gast, dy `t tige wolkom is.

BEREND: Ja ja...dat mei sa wêze, ik ha it net sa op dizze fint. Mar goed ik sil it dwaan Beitske. Trouwens ik haw niis krekt ek al in telefoantsje foar him oannaam. Dan kin ik him dat ek daliks fertelle. (*Berend begjint te slepen mei it guod, de tassen – op en ôf*)

4^e toaniel

BEITSKE: (*finster*) Moast ris komme Cobie. Hjirre wei kinst him krekt sjen. Hy stiet foar it finster yn keamer fjouwer. Sa te sjen hat de tún syn oandacht. Ik moat dy sizze, wat in ferhaal Cobie, hy wol dy skilderje, dy man lit der gjin gers oer groeie. Dit liket my in tige goed oanbod.

COBIE: Ja...dat skilderjen is my wol dúdlik, allinne dy man kin ik net, hy kin my amper, ik wit it net hear.

BEITSKE: Werom net? Gewoan dwaan, ik tink dat soks ek noch wol in pear sinten foar dy opsmite sil.

COBIE: Tinkst dat?

BEITSKE: Wist wat it is Cobie, sa `n bêd en brochje bringt alle soarten

fan minsken oer de flier. Ik bin eins wol wat grutsk, dat ús earste gast gelyk in keunstner is. (*Berend op – noch altyd dwaande mei it sleep wurk*)

BEREND: It is wol wis, it giet oan buorfrou, hielendal neaken, sûnder klean set hy dy aanst in trije streken op it doek. (*fol wille wer ôf*)

BEITSKE: Wat bedoelt hy? Is dat wier Cobie?

COBIE: Dat tinkt Berend, mar ik sis dy, dêr begjin ik net oan. Dy fint kin myn portret skilderje. Mear as dat wurd it net.

BEITSKE: Sa soe ik der ek oer tinke. Wolle is ien, mar it dwaan dat is hiel wat oars. (*Berend wer op*)

BEREND: Sis..no nearne om, dat ark fan him hawwe ik del set. Mar leau my Beits hy is al net mear yn keamer fjouwer.

BEITSKE: Noh, hy stie niis noch foar it finster nei bûten te sjen. Dat wie yn syn keamer. Wy tochten foar't skilderij nimt hy it ljocht yn him op

BEREND: Dan hat it ljocht him meinaam, want hy is dêr net mear. (*telefoan*)

BEITSKE: (*hoarn*) Feitsma, Bed en brochje Simmersicht. Ja mynhear Meester stiet hjirre ynskreaun. Jo moatte him te wurd? It spyt my, hy is der op't momint net.. Ik sil it him sizze, Gaapke..18..ja, mefrou ik skriuw it del, Ja,ja ik jou it oan him troch. Och.. jo meitsje wol gebrûk fan WhatsApp? Ja..it bêste mei jo. (*hoarn del*)

BEREND: Gaapke18? Dat docht my tinken oan kij. Sis dat gebrûk meitsje fan WhatsApp? Witte jimme wat dat krekt ynhâld?

COBIE: Mei de WatsApp kinst berjochten stjoere nei immen mei in mobile telefoan Berend. Ik hawwe ek sa'n telefoan. Dêr sit dy WhatsApp gewoan op.

BEREND: In..app? It sil wol, mar ik haw leaver dat dizze frjemde fûgel no daliks Up-stapt.

BEITSKE: Berend, toe no..

BEREND: Ja ja ja, it is wol goed. Ik sil earst sjen wer hy keart is. Ah dêr is der al. Ach nee.. dat is Graafsma...

5^e toaniel

(*Graafsma op - drok op Berend ta*)

GRAAFSMA: Feitsma, de ôfspraak wie dochs dúdlik, jimme dizze slieptinte, mar ik soe der gjin lêst fan krije.

BEREND: Man..begjinne jo no wer oer dat parkearren.

GRAAFSMA: Nee dat is it net, al is dy ôfspraak wol bliuwend,

BEITSKE: Wy sjogge oeral goed op ta Graafsma, der bard neat, wat net kin!

GRAAFSMA: Ik leau der neat fan. As dat sa wie buorfrou dan stie der net ynienen in frjemde fint by my yn de tún.

BEREND: Oh dêr is der! dat is jammer genôch net sa fier fuort

BEITSKE: Dit moat in fersin wêze Graafsma. Wy hawwe op't stuit noch mar ien gast.

GRAAFSMA: Dat is dan fuort daliks al ien te folle. Ik hâld jimme oan de ôfspraken. Gjûn lêst, gjûn lawaai, en sa as no gjûn frjemde keardels yn myn tún.

BEREND: Ja ja no witte wy it wol. Man wês bliid dat syn auto net by jo yn de tún stiet, en trouwens binne jo der wis fan dat dyjinge dy't jo yn de tún sjoen hawwe, hjirre gast is? Witte jo wat, wy sille it sjen, ik gean mei jo mei. *(Graafsma ôf mei Berend- hy sjocht Meester dy komt op)*

GRAAFSMA: Dy man dat is him. Buorfrou..buorman, dy fint stie yn myn tún. Lis it him út! Hy moat dochs begripe dat myn tún myn tún is. Sa is it en sa bliuwt it. *(Iilk-ôf Graafsma – Meester telefoan mobile pratende yn de telefoan. (Pakt in stoel en giet sitten efter de kompjûter. (toetseboerd)*

MEESTER: Jawis dat is sa leave, ik sil der nei sjen. *(skerm)* Ja ik hawwe dy. No dat falt ta hear. In tûzend? As dat kin, dan graach. Wist wat? ik WhatsApp it anst wol efkes nei dy ta. *(Tellefoan fan de famylje giet oer)*

BEITSKE: *(hoarn)* Feitsma, Bed en brochje Simmersicht. Ja mynhear Meester stiet hjirre ynskreaun. Jo moatte him driuwend te wurd? Ja ja, dat is ferfelend, hy is drok dwaande. Wat? Truus? Ja ik eh..momint.. Meester? telefoan..

MEESTER: Momint, momint, momint *(telefoan mobile)* Ik WhatsApp dy alles ta. *(nei Beitske ta - oankrije hoarn)* Meester..javis dat is it krekte bedrach, tûzend euro. Sjoch it earst wol efkes nei, ik ha it juster al op de App set.. Tige tank. *(Hoarn del)* It muoit me minsken, it is wolris wat drok begripe jimme. Sis it neat, ik wit it...eins te drok. Foar in keunstner is rêst tige wichtich. Tank foar it gebrûk fan de telefoan, mef... Beitske mynhear Berend, buorfrou. *(knikje en ôf)*

COBIE: Goed, ik moat dit hiele ferhaal nochris yn my omgean litte. Dat skilderjen, dy man, sa`n keunstner, ik wit it net. Goeie. *(en ôf)*

BEREND: Dat harsto dochs ek heart Beitske, tûzend euro? En dat is allegearre jild wat hy fertsjinnet mei dat WhatsApp en syn skilder streeken? Ik leau der neat fan. Harm brêge kin it wolris by it rjochte ein hawwe, dizze fint doocht net. It leafste set ik him der no daliks út.


BEITSKE: Harm brêge tinkt dat hy alles wit, mar litte wy net ferjitte, dizze man is in gast. Ik moat der net oan tinke wat der bard atsto dy fint der út setste. Wat sille se der wol net fan sizze yn it doarp. Lit dy man wat frjemd wat eigen wêze dat binne wol mear minsken, of net? Moai sa.

BEREND: Hy mei sa eigen wêze safolle as hy wol. Foar myn gefoel bliuwt hy in hearskip wer` t in streekje fan los is. Hwa sil it sizze? Do dyn sin. wy sille it belibje. (*Berend ôf*)

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto